

# Wolkom by Tsjil Tsjekt!

Wat moai dat jim meidwaan sille!

Tsjil Tsjekt is in ynteraktyf programma. Yn it programma stelt presintator Raynaud Ritsma fragen oan de klasse, en jim jouwe antwurd yn de digitale omjouwing fan Tsjil Tsjekt. Mei de antwurden kinne jim punten skoare.

Wurdt jim klasse de 'Tsjilste klasse fan it jier?'



## Praktyske saken foar elke Tsjil Tsjekt

Dizze Tsjil Tsjekt giet oer 'dyn POWERRR – wêr krijsto enerzjy fan?'. It programma bestiet út twa dielen. Tusken de publikaasje fan de twa dielen op [www.tsjiltsjekt.nl](http://www.tsjiltsjekt.nl) sit in even tiid. Hâld de Tsjil Tsjekt-webside yn 'e gaten!

Dit hawwe jim nedich foar de fragen en opdrachten oer 'dyn POWERRR' yn dizze Tsjil Tsjekt:

- De ynlochkoade foar de Tsjil Tsjekt-omjouwing: yn dy omjouwing sjogge jim nei it programma en kinne jim de antwurden ynfierje. Noch gjin ynlochkoade? Freegje dy oan fia de oanmeldknop op de website [www.tsjiltsjekt.nl](http://www.tsjiltsjekt.nl).
- In apparaat mei in ynternetferbining (in tablet, laptop, chromebook ensfh.). Meardere apparaten om tagelyk wat op te sykjen kin soms handich wêze.
- It tydskrift Tsjil. Binne jim abonnee fan Tsjil? Yn Tsjil fan septimber stiet in tekst dy't jim nedich hawwe om it antwurd op ien fan de fragen te finen. Noch gjin abonnee? Brûk dan de pdf fan it tydskrift dy't te finen is op [www.tsjiltsjekt.nl](http://www.tsjiltsjekt.nl).
- Materialen om gau mei-inoar ta ien antwurd te kommen op in fraach: brûk bygelyks in 'wisbordje' om te stimmen oer de stelling of soargje dat alle learlingen in papierke hawwe om in antwurd op te skriuwen, sadat de antwurden sa gau mooglik sammele wurde kinne.

## Om alfêst oer nei te tinken:

- Yn dizze Tsjil Tsjekt wurdt jim frege om in yell te meitsjen om fol enerzjy it nije skoaljier mei yn te gean!

## Sukses en in soad wille mei Tsjil Tsjekt!

## Mear dwaan mei dit tema?

Wolle jim nei oanlieding fan dizze Tsjil Tsjekt mear dwaan mei it tema enerzjy?

Yn de metoade Spoar 8 binne ferskillende materialen te finen oer dit tema:

- Temateek: sjoch yn de tema's 'Bliuw yn beweging!', 'Wiis mei ús planeet!' en 'Fyn it út!' foar teksten, filmkes, spultsjes, boeketips en mear losse materialen. Bygelyks oer belang fan sport, duorsume enerzjy en sûker yn iten.
- Taalaktiviteiten:  
Yn de taalaktiviteit 'Kom yn beweging' meitsje de learlingen in filmke om minsken te bewegen om yn beweging te kommen.
- Projekten:  
Yn it projekt 'Dit is myn sport' (groep 5) prate de learlingen oer sporten: oer de regels en wat der moai is oan ferskillende sporten.  
Yn it projekt 'Om de tonne' (groep 6) giet it oer typysk Fryske sporten.  
Yn it projekt 'Lâns de line' (groep 7) meitsje de learlingen in radioferslach fan in sportwedstriid.  
Yn it projekt 'Wêr trakkearresto op?' (groep 7) skriuwe de learlingen in resept foar in sûne traktaasje.  
Yn it projekt 'Us klup is de bêste' (groep 8) moedigje de learlingen harren favorite sportklup oan mei in selsskreaun supportersliet.  
Yn it projekt 'Ut watfoar hoeke waait de wyn?' (groep 8) leare de learlingen oer duorsumens en fiere in debat oer wynenerzjy.

Yn it tydskrift Tsjil steane neist ferskillende teksten oer enerzjy ek nijsgjirrige nijsjes, spultsjes en in strip!

Noch gjin Spoar 8 en/of Tsjil by jim op skoalle? Freegje de metoade en it tydskrift hjir FERGEES oan: <https://taalplan.frl/oanmelde/>